

## De finger omheech

*troch Geart Jonkman*

De oerwinning fan Bjinse Houtsma is yn wêzen in nederlaach fan Hindrik Visser, in yn 't houlik teloarsteld doarpsskoalmaster dy't, nei wat autotochtsjes en in rit yn de erotyske metro, wer op it maatskiplik sebrapaad belânet. 'Boek foar troude manlju' soe faaks as ûndertitel net misstien hawwe, want it is yn 't foarste plak in boek foar manlju dy't de betreklikheden fan it legale leafdelibben fêststeld hawwe en witte dat de ingel fan 'e ferkearingstiid in ierdske ferskinning-mei-lekken-en-brekken is, lykas hjaséls.

Anne Wadman beskriuwt de skoalmaster as in man dy't wakker mei de dingen omtipelet, benammen as er him jûns op bêd neist syn frou Wypkje mei in hastige tût fan har bestean ôfmakket. 'Hy tocht, it hie allegear gâns oars en feestliker kinnen, mei machtiger oandriuw en mear spulraffinemint.' (s. 8). Hoefolle troude manlju – én froulju! – tinke net itselde?

Op it sjongen, dêr't master dirigint fan is, komt er njonkenlytsen yn 'e besnijing fan de kreaze rike boeredochter Lutske Westra, in frou mei in ferline. Master seit A, master seit B, it wurdt in ferhâldinkje, it doarp krijt der de noas fan en dan begjint de ellinde. Der is noch in kaper op de bekoarlike kusten fan Lutskes leafdelibben, te witten de foeraazjehanneler Bjinse Houtsma, in earsten libbenskeunstner. Lutske lykwols is mear begien op master, dy't as dirigint-komponist de hegere keunst tsjinnet. Dochs is master bang dat er de begearde frou nochris oan Bjinse ôfstean moat, mar hy wurdt hinne en wer slingere tusken Wypkje en Lutske, tusken meiliden en begearte, feilichheid en aventoer. It is Wypkje dy't op 't lêst de kar foar har man docht en him nei de rivale stjoert. Master giet, mar ûnderweis nei Lutske bekrûpt it him dochs wer. Hy fielt him in leffert as er fierder giet, en noch grutter leffert as er weromgiet. Hy hifket en wifket. Dan draait er him om en kroasket wer op hûs yn, noch altyd net út 'e rie.

Mar as er de oare deis – op 't matsje by de boargemaster fanwege de praatsjes – ynienen heart dat syn konkurrint Bjinse Houtsma himsels deariden hat, wit er dat er de slach foargoed ferlern hat en seit er it aventoer farwol, bliid dat er der sûnder kleanskuorren ôfkaam is. 'Alhoewol, – sûnder kleanskuorren?' (s. 154)

Dit sa simpel lykjende ferhaal is yn wêzen in boeiend beskreaun stik minsklike tragyk. Hiel wat troude lju, en benammen troude manlju, sille harsels yn 'e spegel sjen as se dit lêste boek fan Anne Wadman lêze. Hiel wat fan dy lêzers sille it net altyd like noflik fine. Want de skriuwer synjlearret de minsklike leffens en lytsens ûnbarmhertich, mei in skerp each foar it detail. Gjin doekjes foar 't blieden, gjin goedkeape bekearinkjes. De minske yn hiel syn nearzige neakenens, de yn-ban-en-keatling sleine maatskiplike ferskinning. Mar hoe barmhertich wurdt ek de minske yn syn fertriet werjûn, de minske yn syn ûnmacht tsjin syn alter ego. Ek de humor yn dit boek is myld: 'Hy wie bliid mei it bern, suver blider noch as Wypkje, dy't no wer litte

oan bloedearmoede en oan it feit dat hja net genôch yn 't boarst hie, dêr't it bern – wy neame him Jisse – him nammers neat fan oantriiek, dy naam de flesse wol' (s. 7). Of: 'De nije wike wie op kommende wei. Dat betsjutte wurch en slûch en mei pine yn 'e kop foar de klas mei 28 skoalbern, dy't soks rûke en der daliks in potsje Montessori fan meitsje.' (s. 135).

Fansels, ek in knap skriuwer as Anne Wadman lit wolris in stekje falle. De priis fan in healsliten VW – dy't 70.000 km riden hat – skat er fierste leech (ntl. 1500 gûne, s. 66) \*).

Dat er Hindrik Visser neist syn frou **yn** it royale twapersoansbêd yn stee fan **op** it royale twapersoansbêd flije lit kin in printflater wêze (s. 8), mar dat it Hollânsk gjin wurd hat foar strúnder of voyeur is in raar fersin (s. 79), want Wadman moat de beneaming 'gluuder', sij it net heard, dan dochs grif wolris lêzen hawwe.

Mar sokke lytse fersinnen dogge in boek gjin skea. *De oerwinning fan Bjinse Houtsma* is in oanwinst foar de Fryske literauer, in boek om yn ien sike út te lêzen. It is goed fersoarge útjûn, it omslach fan Meinte Walta is artystyk ferantwurde en de hân op 'e bân fan it boek – mei de finger omheech – ûnderstrekjet de ynhâld.

yn *De Stiennen Man*, 7 septimber 1962

omstavere, sidenûmers ferwize nei de twadde edysje (1984)

\*) yn twadde edysje feroare yn 60.000 km en 3500 gûne